



SPYSKES

(Spiesjes)

Tragikomeedzje

fan

LUK GIJSBRECHTS

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SPYSKES - SPIESJES** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **LUK GIJSBRECHTS** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

E-mail: rechten@toneelfonds.be. Telefoon (03)3.66.44.00,

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

NATALY - 30 – 40 jier

JACQUES - har man, 30 – 40 jier

RUDY - in eardere freon, 30 – 40 jier

FIGURAASJE:

OBER

KAFEEBAAS

IN FAMKE

DEKOR:

In restaurantsje.

In brune kroech.

(in restaurant. Jacques en Nataly fiere harren 10-jierrich houlik mei in itentsje. Sachte muzyk, Mantovani? De ober komt del)

OBBER: Noch kofje?

JACQUES: Wolsto kofje?

NATALY: Ik wol ja.

JACQUES: Ik ek dan... twa kofje graach.

NATALY: *(as de ober fuort is)* Do drinkst doch nooit kofje?

JACQUES: Yn in restaurant wol en seker as ik lekker iten ha. Fûnst it lekker?

NATALY: Mmmm.

JACQUES: Fûnst it net lekker dan?

NATALY: Jawol, it wie lekker.

JACQUES: Echt?

NATALY: Och, ik ha wol es lekkerder iten.

JACQUES: Ik fûn dy kealle-oester net gek, mar ja, do hiest dy spyskes. Fûnst dy spyskes by Carlo lekkerder as hjirre?

NATALY: *(ergere)* Jacques, ik fûn it lekker.

JACQUES: Is der wat?

NATALY: Nee, der is neat!

JACQUES: Wêrom dochst dan sa oanbaarnd? Dat dochst trouwens de hiele jûn al.

NATALY: Ja...? Ik wit it net.

JACQUES: Wier net?

NATALY: Nee! *(ober bringt kofje. Der falt in frij lange stilte wylst se kofjedrinke. Nataly sit te dreamen)*

JACQUES: Nataly...

NATALY: Sorry, seidest wat?

JACQUES: Ja, dat ik nei kantoar noch even by Paul oanwipt bin.

NATALY: Paul?

JACQUES: Fan it reisburo.

NATALY: O, dy Paul.

JACQUES: Hy hie in leuke oanbieding en dy woe er bêst in pear dagen foar ús yn opsje hâlde.

NATALY: (*sûnder in soad ynteresse*) Wêr?

JACQUES: Cap d' Agde!

NATALY: Oan de Middellânske see...

JACQUES: Fansels. In fakânsjedoarp mei allegear aparte bungalows yn in prachtich park mei in grut swimbad. Wat hiel tof is: it strân is op twa hûndert meter.

NATALY: (*ôfwêzich*) Dat liket my hiel leuk foar de bern.

JACQUES: Is it ek. Ik ha sein dat we it der noch even oer ha moasten, mar ik ha der ek daliks by sein dat it hast wol wis is dat we it nimme. It is in unyk plakje.

NATALY: Wêr lei it ek alwer?

JACQUES: Cap d' Agde. Yn de Roussillon.

NATALY: (*dreamerich*) De Roussillon.

JACQUES: Wêrom seist dat sa?

NATALY: Samar... oantinkens.

JACQUES: Oantinkens?

NATALY: Dêr ha wy ommers west.

JACQUES: Ha ja, praktysk elk jier mei de bern. Foar de bern is it de bêste streek om fakânsje te fieren. Dy kombinaasje fan sokke prachtige strannen en sok hearlik waar fynst nergens.

NATALY: Ja...

JACQUES: Do likest net botte entûsjast.

NATALY: Jawol hear. It wurdt grif leuk foar de bern.

JACQUES: Foar ús doch ek. Der even lekker tuskenút. Gjin rompslomp. Lekker neatdwaan yn ús bungalowtsje tusken de palmbeammen, want dêr stiet dat park fol mei... hearlik.

NATALY: Mmm.

JACQUES: Nataly... wat is der... oars bist altyd sa entûsjast.

NATALY: ...Neat... 't Binne dy oantinkens...

JACQUES: Wat oantinkens?

NATALY: Oan dy kear yn de Roussillon... doe't de bern der noch net wiene. Sorry, ik moat even nei 't húske. (*Jacques bliuwt yn tinzen*)

achter, sil noch kofje byskinke, betinkt 'm en docht it net. Skinkt Nataly by, sjocht op horloazje. Nataly werom, ynienen yn in gekke bui, prûst it hast út) Se ha hjir fan dy húskes mei in elektrysk each. Ik ha my suf socht om in knop of in ketting, mar der wie neat, en doe't ik tocht lit dan mar, bsssttt!!! Sels mei sa'n kracht dat it wetter oer de râne fleach. Tink der mar om asto aanst ek noch hinne moast, want bsssttt en do bist dweiltrochwiet.

JACQUES: Nataly, wat bedoeldest niiskrekt mei dy oantinkens?

NATALY: Och, neat.

JACQUES: Jawol, oars soest it net sein ha.

NATALY: ...Ik tocht oan tsien jier lyn doe't we op de fyts troch de Roussillon west ha.

JACQUES: O, dat.

NATALY: Ja dat. *(even stilte)*

JACQUES: Witst noch dat we de tinte opsette mochten by in wynboer.

NATALY: En hoe't ik dy de oare deis elk hellinkje hast optriuwe moast.

JACQUES: Dat is net hielendal wier. Ik trape mei.

NATALY: *(glimke)* Dy keppel skiep...

JACQUES: Dêr koe ik doch neat oan dwaan, dat ik dêr op de kont middenyn bedarre. We gongen by de berch del en hoe koe ik witte dat der twa hûndert stomme skiep achter dy skerpe bocht stean soenen.

NATALY: Doe't ik der in foto fan meitsje woe moast ik sa laitsje dat it fototastel my út de hannen foel.

JACQUES: Hie ik in dûbele reden om liik te wurden. Witst noch fan dat restaurant mei dy flieën?

NATALY: Jaja... Do hiest sjoen dat der flieën sieten en neat sein want oars hie ik dêr net ite wollen. Doe'tst it nei de tiid doch seidest ha ik de hiele nacht lein te spuien.

JACQUES: Hee, dat is tafal, doe hiest ek spyskes. Fûnst se no wier net lekker?

NATALY: Och...

JACQUES: Dat soe spitich wêze. Dit restaurant stie yn de gids as 'in oanrieder mei as spesjaliteit alderhanne spyskes'. En omdat ik

wist datsto gek op spyskes bist, ha ik hjir in tafel besprutsen. Hie ik witten datsto leaver by Carlo...

NATALY: Jacques, fal dea mei dyn spyskes!!!

OBER: (*komt del*) Kin ik fierder noch wat foar jo dwaan?

JACQUES: Nee, tanke... of ja, de rekken.

OBER: Jawis, menear. (*ôf*)

JACQUES: Nataly, ik...

NATALY: Kreaze fint.

JACQUES: Wa?

NATALY: Dy ober.

JACQUES: Fynste?

NATALY: Ja... hy is seksy.

JACQUES: Nataly, ik soe no wol es witte wolle...

NATALY: Fynst net?

JACQUES: Wat?

NATALY: Dat er seksy is?

JACQUES: Ik fyn it in sjerpstriker.

NATALY: Do bist jaloersk.

JACQUES: Ik bin net jaloersk. Wêrom soe ik? Ik bin tûzen kear seksyer.

NATALY: Bewiis it.

JACQUES: Wat?

NATALY: Bewiis datst seksy bist, pak my jûn.

JACQUES: Wêrom dochst sa raar?

NATALY: Doch ik raar?

JACQUES: Ja, do bist sa ôfwêzich en dan wer net en... afijn, raar.

NATALY: Miskien is it de oergong dy't 'm wat betiid oantsjinnet.

JACQUES: Leuk grapke.

NATALY: De oergong kin 'm ek fersinne.

JACQUES: God... wat bist gesellich. Ik hie my de tsiende troudei al wat oars foarsteld.

NATALY: Ik ek.

JACQUES: Do soest miskien wat muoite dwaan kinne.

NATALY: Asto dy de freet hâldst oer dy spyskes.

OBER: (*bringt rekken*) Asjebleaf menear.

JACQUES: Tanke. (*ober ôf*)

NATALY: En doch is hy kreas... ik soe net nee sizze tink. (*sjocht Jacques yn de eagen*) ...wer in grapke.

JACQUES: Do witst bêst genôch dat ik om soks net laitsje kin.

NATALY: Sorry.

JACQUES: (*koartôf*) Nataly, wat hasto yn fredesnamme?

NATALY: Neat.

JACQUES: Okee dan. (*suchtet, stilte*) We soene snein te miny-golfen kinne.

NATALY: Wy tegearre?

JACQUES: Mei de bern.

NATALY: (*berêstend*) Fansels.

JACQUES: Fansels?

NATALY: Ik hope dat it sûnder de bern wêze soe.

JACQUES: Hoesa?

NATALY: Kinsto dy heuge wannear't wy foar 't lêst wat sûnder de bern dien ha?

JACQUES: Mar jûn ommers.

NATALY: (*berêstend*) Ja.

JACQUES: Hoe ja?!?! Jûn ha we doch wat tegearre dien? We binne tegearre út iten.

NATALY: ...sa'tst in strik keapest foar de jierdei.

JACQUES: Sorry hear, mar dat fyn ik gjin fergeliking.

NATALY: Dêr giet it net om, it is sa. Wat dogge wy as we wat te fieren ha? Ut iten. Ik soe bêst wol es te miny-golfen wolle as we wat te fieren ha.

JACQUES: Mar ferdomme Nataly, wy kinne allinne op in frije dei te miny-golfen en dan binne de bern der ek... wat wolst no eins?

NATALY: Do hast gelyk, it wie in stomme opmerking fan my.

JACQUES: It wie net stom... mar it kin no ien kear net oars.

NATALY: Ja, dat is sa.

JACQUES: (*entûsjast*) Hoe wie de aerobic justerjûn?

NATALY: Der wie gjin aerobic justerjûn.

JACQUES: Is ek sa, dat hast fanmoarn al sein.

NATALY: Nee, fanmiddei doe'tst bellest.

JACQUES: Och ja, fanmiddei... Sis, sil ik tsjin Paul sizze dat wy dy bungalow nimme?

NATALY: Ja, doch mar. Myn fyts is doch oan ein en dy fan dy stiet al acht jier mei in leuke bân.

JACQUES: Goed, ik bin 't sêd. As der by dy doch gjin sinnich wurd útkomt, kinne we mar better op bêd gean.

NATALY: Ik sit gewoan net lekker yn myn fel.

JACQUES: It is datst it seist..

NATALY: Ik tink dat it dit restaurant is. Ik bin al de hiele jûn sa senuwachtich.

JACQUES: Lekker foar my. Ik nim tenei wol in bosk krysanten mei as der wat te fieren falt.

NATALY: Sorry dat it ôffalt. Ik wie dus echt leaver nei 'Carlo' gongen. Dy syn spyskes binne lekkerder.

JACQUES: (*laket, ferjout har*) Okee, litte we dan meitsje dat we hjirwei komme en ergens oars in ôfsakkerke nimme. Wat tinkst fan 'De Lantearne'?

NATALY: Nee.

JACQUES: Wat nee? Ik miende datst dêr sa graach komme mochtst.

NATALY: Ik ha gjin sin oan sa'n skjûn en himmel kafee. Ik wol wat gek dwaan.

JACQUES: O nee. We gean jûn net op in bankje yn it park sitten te frijen. It reint my te hurd.

NATALY: Froeger fûnst dat hielendal net slim.

JACQUES: Nee, mar doe wie ik der op klaaid en no ha ik in 'net folslein krimprij trijedielych maatpak' oan!

NATALY: Witst wêr't ik sin oan ha?

JACQUES: Ik skrik nergens mear fan...

NATALY: Om in pot bier te pakken yn 'Seesicht'.


JACQUES: Wat 'Seesicht?'.

NATALY: It 'Seesicht', Jacques. (*suchtet*) ... Wêr ha wy elkoar kennen leard, wêr sieten we hast elke jûn en nacht foar't Suze der wie?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407

TONEEL
UITGEVERIJ  **INK**

“Samenspelen” is ons motto